

Piken wolle altyd  
wizer wêze  
as de âld klok

# Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



## App

Nieuwe fietsroute in Greidhoeke langs elf historische en culturele belevingspunten

Pagina 3>



## Iepenloftspul

Der barre op it stuit somtiden hiele nuvere dingen yn en om Easterwierrum

Pagina 3>



## Tsiispakhûs

Zuivelboek laat de melkbussen bij de fabrieken in de dorpen nog een keer rammelen

Pagina 7>

## High five fan Alvestêderinners foar skoalbern



De dielnimmers fan de Alvestêdekuiertocht waarden yn Easterwierrum oanmoedige troch de skoalbern. De kuiderders joegen de 31 bern fan de iepenbiere basisskoalle De Fôlefinne in high five. It wie de earste etappe fan de Alvestêdetocht. Dy gong fan Ljouwert nei Sleat. De moarns kamen de ridders troch Weidum, Easterwierrum en Boazum. De Alvestêdetocht duorre oant sneon, doe't de dielnimmers nei 207 kilometer yn Ljouwert feestlik ûnthelle waarden.

Foto's: Hinne Bokma

**HY-NIGHT**  
**HILAARD**  
HILAARD  
26 MEI 2018  
SMÛK  
DE WETHOUDERS  
SANDER METZ  
WWW.HY-NIGHT.NL  
FACEBOOK.COM/HYNIGHT

## Freule digitalisearret stapke foar stapke kaartferkeap

Wommels – Stichting de Freulepartij Wommels set de earste stappen op wei nei digitalisearring fan de kaartferkeap. Sûnt dizze wike hat de Freulepartij in eigen webside. Keatsleafhawwers kinne tenei ek digitaal kaarten reservearje. De kaartferkeap by Warenhuis Van der Velde bliuwt lykwols sa as it wie. Op moandei 23 july set de kaartferkeap dêr útein.

Troch Hinne Bokma

De Freule giet mei de tiid mei. It

digitaal reservearren en fia iDEAL beteljen fan bank- en tribune kaarten wurdt de kommende jierren fierder útwurke. Lykas by de PC it gefal is, sil it oer in tal jierren by de Freulepartij fêst ek mooglik wêze digitaal sitplakken út te sykjen en oan te klikken en dat in pear minuten letter de bestelde kaarten út de printer rôlje. „Sa fier is it noch net. It is wol de takomst”, seit ponghâldster Anke Strikwerda fan de Stichting de Freulepartij.

Neist it bestellen fan kaarten fia de webshop of oan de toanbank by Van der Velde is it al in tal jierren

mooglik kaarten te reservearjen troch jild op de bankrekken fan de Freulepartij oer te meitsjen. Dat bliuwt foarearst sa.

### Frijwilligers

By it útsykjen fan de plakjes op de tribune leit de earste kar by de frijwilligers en sponsoren fan de Freulepartij. Dan is it de beurt oan de minsken, dy't op moandeiemoarn ier foar de doar fan de winkel van Van der Velde sitte en dêrnei wurde de kaarten, dy't digitaal en fia de bankrekken besteld binne, ferparte.

De opbou fan it Freulefjild is gelyk oan oare jierren. De A- en B-tribune beskikke oer kûpstuoeltsjes, de twa oare tribunes ha sitbanken. De lotting fan de Freulepartij is op sneon 4 augustus.

Op de webside [www.defreulepartij.nl](http://www.defreulepartij.nl) stiet alle ynformaasje oer de kaartferkeap. Dêr is ek it ferhaal fan de Freulepartij, dy't sûnt 1903 yn Wommels ferkeatst wurdt, te finen. En wa't witte wol hoevolle dagen, oeren, minuten en sekonden der nei de kommende Freuledei op 8 augustus noch te gean binne, kin ek op de side terjochte.

Schoonheidssalon **Joke**  
Praktijk voor  
huidverzorging  
De Dobbe 3a, 9022 BE Mantgum. Tel. (058) 250 16 18  
Lid ANBOS • [www.schoonheidssalon-joke.nl](http://www.schoonheidssalon-joke.nl)  
Onze website is vernieuwd!

kom nei Wommels... sport, kultuer en ferdivedaasje

**HEAL(WIIS)OERERIN** **3 JUNI** **PEARKEDRAVE**

**TERPRIN** **GREIDHOEKEKUIERTOCHT** **BERNELOOP**

**BEACHVOLLEYBAL** **FYTSTOCHT 25 KM** **JEU DE BOULE**

**PANNAKOOI** [WWW.KOMNEIWOMMELS.NL](http://WWW.KOMNEIWOMMELS.NL)

**ALICE IN WUNDERLÂN**  
bernieepenloftspul 2018

21, 23, 24, 27, 29 & 30 Juny 2018  
By de Tysker yn Easterwierrum  
[www.bis2018.nl](http://www.bis2018.nl)

Berne Iepenloft Spul Rabobank